

De Afûk is in aktive, ûndernimmende organisaasje, dy't as doel hat om de Fryske taal yn alle geledingen fan ús Fryske mienskip in folweardich plak te jaan. De kommende jierren hawwe wy de ambysje om noch mear minsken te berikken mei ús kursus aanbod. Dêrom sykje wy in nije kollega foar de kursusorganisaasje om it team te fersterkjen.

Wy sykje in:

LESJOUWER/MATERIAALÛNTWIKKELER

foar 24-32 oeren wyks

De Afûk hat in Fryske boek- en kadowinkel en in útjouwerij, wy jouwe kursussen en workshops en wy ûntwikkelje ûnderwiismetoaden. Dêrneist wurkje wy oan in hiel soad wikseljende projekten en kampanjes. Der wurkje sa'n 35 minsken by de Afûk.

Wat is dyn rol?

As **lesjower** jousto allerhanne kursussen oan net-Frysktalige en Frysktalige kursisten op ferskate plakken yn de provinsje of online. Dat binne kursussen foar sawol de partikuliere as de saaklike merk. Mei dyn kollega's fan de kursusorganisaasje sikest aktyf nei nije kursisten en kursusgroepen by bedriuwen en ynstellingen. Neist it lesjaan hâldsto dy dwaande mei de ûntwikkeling fan kursusmateriaal en ynnovative lesmetoades.

Sjoch foar mear ynformaasje oer ús kursussen op: kursus.afuk.frl.

Wat nimst mei?

- Do hast de learare-oplieding Frysk ôfrûne of hast in lykweardige oplieding.
- Do bist didaktysk en pedagogysk goed ûnderlein.
- Do kinst goed mei in ferskaat oan minsken oerwei.
- Do kinst stazjêres en (nije) lesjowers begeliede by harren profesjonele ûntwikkeling.
- Do bist fleksibel, û.o. ek ree om op jûntiid te wurkjen.
- Do bist yn besit fan in rydbewiis en hast in auto ta dyn beskikking.

Wat biede wy dy?

- In ôfwikseljende baan mei in soad selsstannichheid yn in kreaft en entûsjast team.
- In tydlik tsjinstferbân foar de perioade fan in jier (mei útsicht op ferlinging).
- Salaris neffens de KAO Sosjaal Wurk, skaal 7, ôfhinklik fan oplieding en ûnderfining.

Wolsto mei ús minsken entûsjast meitsje foar it Frysk? Dan hearre wy graach fan dy!

Mear ynformaasje en sollisitearje

Foar mear ynformaasje oer de fakatueres kinst kontakt opnimme mei:

Alex de Jager, direkteur: alex.dejager@afuk.frl, tel. 058-2343070 of 06-51019964.

Stjoer dyn sollisitaasje mei dyn cv foar 3 maart 2024 nei Ciska Noordmans:

ciska.noordmans@afuk.frl.

De sollisitaasjepetearen sille plakfine yn de wike fan 11 maart (earste petear) en de wike fan 18 maart (twadde petear).

